

DORPSKRANT



Uitgave no. 2; 3e jaargang van onze dorpskrant
"Ut 'e Trechter" 1984

Redactie: Lieneke Braaksma
Maaike Wijbenga
Lieuwe Nicolai
Jentje de Vries

Van de redactie

Weer is er een halfjaar voorbij, en het is weer de tijd dat de dorpskrant verschijnt.

U zult in deze krant weer zo het één en ander kunnen lezen, wat er aan aktiviteiten en bijzonderheden in onze dorpen heeft plaatsgevonden.

Onze hartelijke dank aan allen die tot het totstandkomen van deze krant hun bijdrage hebben geleverd.

We hopen dat u met genoegen van de inhoud van deze dorpskrant zult kennismeten.

En mocht u soms eens iets weten of meemaken in de dorpsgemeenschap, verzuim dan niet om dit mee te delen.

Het behoeven heus geen grote en spectaculaire dingen te zijn, nee vaak zijn het de kleine dingen die het doen.

Veel plezier met het lezen en tot de volgende dorpskrant.

De redactie

P.S. Kopy voor de volgende dorpskrant voor 15 april 1985.

Wist u dat

Wist u dat: er sinds de vorige uitgave van onze dorpskrant
2 kinderen geboren zijn, te weten
Annegreet (Basteleur) en
Edgar (Meinema)

Wist u dat: men op het Ministerie in Den Haag de zaken goed
in het oog houdt? De vorige uitgaven van onze
dorpskrant konden we respectievelijk 10 en 7
geboortes melden.

Gevolg: Juf Anja kan blijven.

Nu 2 geboortes en zie, juf Anja moet voor een
groot gedeelte weg.

Hopelijk kunnen we de volgende keer weer meer
geboortes melden!

Wist u dat: dit laatste halfjaar getrouwd zijn:
Pieter Braaksma en Geke Postma ;
echtpaar Van Tamelen ;
Wieger Hoekstra en Tini Timmer;
Nog van harte gefeliciteerd.

Wist u dat: uit ons dorp vertrokken:
familie Zeilinga ;
familie Hamersma ;
familie Visser ;
familie Kingma ;
familie Fokkens ;
mevrouw Y. Minnema ;
mevrouw O. Wijma ;
Wij wensen hen elders een goede tijd.

Wist u dat: bij ons zijn komen wonen:
familie J. Hoeksma ;
Jouke Hiemstra met Annie Sonnema ;
Dat wij hen goed mogen opnemen in ons midden
zodat zij zich snel thuis voelen in ons midden.

Wist u dat: wij ook deze keer vast weer wat vergeten zijn?

De redactie

"Wist u dat (niet)"

In de vorige dorpskrant stonden op de 8e bladzijde een aantal vragen waar het bestuur van dorpsbelang zich een beetje door voelt aangesproken.

1. De schrijver/schrijfster van bedoeld stukje vraagt zich af of er geen verslag van de enquête in de dorpskrant kan komen.

De bedoelde enquête werd gehouden in mei 1981. Een verslag van deze enquête stond al in de eerste dorpskrant, welke verscheen in het najaar van 1981.

2. De vraag wat er is gebeurd met het resultaat van de enquête, kunnen we als volgt beantwoorden. Uit de enquête kwam naar voren de wens naar:

- een dorpskrant; die is er inmiddels.
- kaartavonden ; die vinden regelmatig plaats in voor- en najaar.
- spelavonden ; wij brengen de kaats-, tipel-, volleybal-, sjoel- en mensergerjenietwedstrijden in herinnering.
- toneelavonden ; "Jounstwirre" en het Holwerder "Pro Rege" treden regelmatig voor ons op.
- danscursus ; dit komt hierna aan de orde.

3. De volgende vraag in die dorpskrant betrof de al genoemde eventuele danscursus. Ook dit probleem hebben we al in de allereerste dorpskrant toegelicht. Toch heeft het bestuur van dorpsbelang in het afgelopen jaar opnieuw geprobeerd een danscursus van de grond te krijgen. Wij zijn er weer niet in geslaagd om dezelfde reden als in 1981, namelijk het gebrek aan zaalruimte. In de wintermaanden is "Nij Sion" door de week vrijwel altijd bezet, waardoor alleen de zaterdagavond overblijft. Deze avond is om meerdere redenen ongeschikt. Resteert alleen de mogelijkheid van een danscursus in de zomer. Omdat dan de belangstelling niet groot zal zijn, vervalt ook deze mogelijkheid.
Kortom, het bestuur van dorpsbelang beschouwt de discussie over een danscursus als gesloten.

4. De volgende vraag betrof een door dorpsbelang te organiseren dropping.

Het probleem hiermee is dat er wel voldoende deelname van de jeugd zal zijn, maar onvoldoende van de ouderen.

Dit heeft de laatste dropping ons namelijk geleerd.

Het bestuur van dorpsbelang acht het niet verantwoord groepjes jongelui van 12, 13 jaar in het holst van de nacht door vreemde oorden te laten dwalen.

Hiermee menen wij de aan ons gerichte vragen naar behoren te hebben beantwoord.

Bestuur dorpsbelang.

- 0 - 0 -

Nijs fan doarpsbelang.

Nijewier hat de 6froune simmer wol yn it nijs stien. Alle kranten ha sa wat skreaun oer it âld hûs dat de Feriening Lytse Doarpen kocht hie en wer trochferkocht aan Pieter Braaksma. Sa't elts wol wit, is Pieter nou drok dwaande der in pronkstik fan te meitsjen. De Feriening Lytse Doarpen is ek al wer drok foar ús dwaande. Sy sykje nou út wat wy mei de oare âlde wenten yn 'e buorren dwaan kinne.

Dan it twade "grutte projekt" dat doarpsbelang dit jier ûnder hinnen nommen hat: it boartersplak yn Wetsens.

Hijrfoar is de streekkommisje "de Lauwerskrite" nochal yn't spier west. Wy krije fan de streekkommisje ek it jild om de groun te keapjen. Fierder betelje sy ek de beamkes dy't der omhinne komme. De measte kosten rêdt de gemeente mei.

In pear dingen hat doarpsbelang tasein te beteljen.

Ek moate wy sels soargje foar it oprûmen fan de âlde en it pleatsen fan de nije 6frastering, mar dat sille de Wetsumers der fêst wol foaroer ha.

Fan't simmer ha wy op it boartersfjild twa fuotbaldoelen en in volleyballnstalaasje kriegen. As wy der meienoar wat súnic op binne, kinne wy der jieren wille fan ha.

Dan noch wat ditten en datten. De al earder neamde "Lauwerskrite" siket út wat de mooglikheden binne foar it oanlizzen fan in iisbaan yn dizze hoeke fan 'e gemeente. Koartlyn is dêr al in earste gearkomste oer west.

In pear bestjûrsleden fan doarpsbelang ha nei B en W west om oer in tal dingen te praten. Der is praat oer:

- maatregels om de gong fan it ferkear op 'e Siercksmawei te bedimjen.
- in plak by it boartersfjild om fytsen del te setten.
- in bushokje by Wetsens.

Hoe't it mei dizzé dingen komt, is noch ófwachtsjen.

De gemeente kin de sinten fansels ek mar ien kear út jaan.

Op freed 14 desimber spilet de toanielploech "Jounstwirre" yn Nij Sion it stik: It sit yn 'e femylje.

Der binne fjouwer nije spylsters by en se bin al drok oan't learen.

As eltsenien dit nou fuort efkes op'e kalinder als yn'e aginda skriuwt, hoecht der net wer in papier by de doarren läns.

- 0 - 0 - 0 -

Onlangs is er hoog bezoek geweest in Niawier, namelijk twee bestuursleden van de Stichting Stadsfeesten uit Dokkum.

Zij hebben een gesprek gehad met afvaardigingen van de besturen van dorpsbelang en de oranjevereniging.

Wat de Dokkumers voorstelden komt ongeveer hierop neer:

Een keer in de vier jaar organiseert de St. Stadsfeesten een groot feest in Dokkum. In 1981 wat het thema: de friese elf steden. Nu Dokkum deel uit maakt van de grote gemeente Dongeradeel vindt men dat het een goede zaak is om bij het feest van 1985 ook de dorpen te betrekken. Gedacht wordt aan bijvoorbeeld een voetbaltoernooi, kaatswedstrijden en iets in de vorm van een zeskamp.

Daarnaast denkt men alle muziekkorpsen uit te nodigen.
Tenslotte wil de St.Stadsfeesten een grote optocht houden
net uit ieder dorp een versierde wagen. Dit laatste is
natuurlijk geen kleinigheid. Daarom zijn er ook twee
bestuursleden op pad langs de verschillende dorpen om met
bestuursleden van dorpsbelang en oranjeverenigingen hierover
te praten. Op de ledenvergadering van dorpsbelang of de
oranjevereniging zult u er waarschijnlijk wel meer over horen.

- 0 - 0 -

Riedsfoarstellen.

Ien kear yn'e moanne komt de ried fan "Dongeradiel"
(as Dongeradeel?) by elkoar om de riedsfoarstellen te
behanneljen. Dizze stikken wurde ús ek eltse kear tastjûrd
en komme yn "Nij Sion" te lizzen "ter inzage".
Sitsenien dy't der gebruik fan meitsje wol kin de stikken
fine op'e tafel yn'e gong.

- 0 - 0 -

Vrijdag 14 december 's avonds half 8

Toneelavond

m.m.v. Toneelclub "Jounstwirre" met het stuk
"It sit yn'e femylje".

noteer de datum!!!

"Zomer 1984"

Zomer 1984 veel koude dagen gehad
maar Dorpsbelang trotseerde dat.
Zullen we er nog even bij stilstaan
wat ze voor ons hebben gedaan?

De bejaardentocht, het was weer goed,
jullie wisten weer hoe het moest.
Veel wordt er dan over zo'n reis gepraat
hoe de jeugd van vroeger zich nu vermaakt.

Volleybal, het lijkt zo'n eenvoudig spel,
een balletje over het net slaan.
Maar, je moet de spelregels wel even leren
hoe je de bal moet keren.

Kneusjekaatsen, dan wordt er wat gestreden,
want één persoon wil altijd de eerste wezen.
Dan wordt er geschreeuwd als een stel kleine kinderen.
Het geeft niets, als ze maar winnen.

Dan krijgen we tiepelen, met zo'n stokje slaan,
moet je wel vlug uit de weg gaan,
want het zijn net vliegende schotels
die suizen langs je oren.

Straatvolleybal, het kon niet op.
Heel Niawier stond op zijn kop.
Wetzens kwam met een getrainde ploeg,
die wisten precies hoe het moest.

Maar ze konden het niet bolwerken
tegen die ongetrainde mensen.
De Terpstrijtte ging met de grootste eer naar huis.
De Wetzumers kwamen helaas zonder prijs thuis.

Kuipjesteken, dan stroomt het water
en schudden vele magen.
Bah, wat is dat koud,
maar het is een spel voor jong en oud.

Dan komen de viswedstrijden nog.
Ze trilden allemaal van de kou.
Wat een spanning, wie zou de eerste vangen,
de veteranen hadden kleuren op hun wangen.

Maar de voorzitter kwam raar voor schut te staan,
liet twee keer dezelfde vis door zijn handen gaan.
Misschien had hij even zijn ogen dicht,
want hij vond het een vies gezicht.

Al die glibberige vis
dat vond hij maar niks.
Liever een spijker op zijn kop slaan
dan een aal door je handen laten gaan.

De bediening van "Nij Sion" staat ook altijd voor ons klaar.
Is het niet in het gebouw dan wel op het terrein.
Ook worden in "Nij Sion" de prijzen uitgereikt
op een voortreffelijke wijze.

Wat een werk en inzet
voor onze pret.
Bedankt hiervoor,
het was geweldig hoor!

Een onbekende

Doarpsgenoaten

Ha jim it okkerdeis lêzen yn 'e doarpskrante ?

Wy ha yn Nijewier en Wetsens in "buurtferiening". It hat ek noch in namme: "it Andersminneshoekje". Is 't net benaud, tsien húzen en dan in buurtferiening. Wa syn útfynsels soenen dat wéze ? Eelke en Gea Krol miskien, dy komme út de grutte stêd. Dêr ha se buurtferienings. No ja, sy moate it ek mar witte.

Der sille nou noch wol mear fan dy ferienings komme: Anders Barwegen en Sjoerd en Henny as it Pypsterfolkje; de singulieren fan de Singel en gean sa mar troch. Jo krije dan fansels wol dat der minsken binne dy 't nergens by thús heare. Thijs en Catrien bygelyks, kinne net bêst allinne sa'n buurtferiening oprjochtsje, al binne sy sels suver al machtich genôch.

En Bearn en Froukje, wêr moate dy by ?

Dêr komt my wat yn it sin nou 't wy it oer Bearn en Froukje ha.

Fan 't maitiid ha sy de reed ferhurdzje litten. Witte jim wêrom ?

Né, net foar fytsen, trekkers as auto's mar foar strjitredens, rolskaatsen sille de bern wol sizze. Fan 't simmer, by skimerjoun koenen jo har somtiden rideñ sjen. Froukje die meastal aan kunstriden lykas foarhinne Sjoukje Dykstra. Bearn hie mear de styl fan eartiids Ard Schenk, mei machtige streken de reed del. Dries hâldde dan de tiid by.

Spitich dat sy it allinne mar yn 't healtsjuster dienen. Der wie suver gjin minske dy 't der fanôf wist.

Witte jim wol wa 't ek wat hat as docht wêr 't net tefolle eagen oer gean meie ? Ouwe Weidenaar. Ja, dat hienen jim net tocht hen ? De man stiet yn Nijewier hiel heech oanskreaun. Hy sit wol 'k leauwe ek noch yn 'e tsjerkied. Dochs moate der by him yn it bûthús dingen barre, dy 't it dei-lijocht net ferneare kinne neffens my. Hy sil teminsten net foar neat op de bûthûsdoar in boerd ha mei "verboden toegang" derop.

Tsjintwurdich wurde pleatsen ta allerhande frjemde dingen omboud, bars en sauna's en nog wol mâlder dingen. Mar soks liket Ouwe my de man nou net foar. Ik hâld it mar op in jeneverstokerij.

Nou wat oars. De monnik ferlit it kleaster. Jabik Tsjallings giet nei de buorren. Miskien is hy der al, as it krantsje útkomt. Hat Jant him dochs safier kriegen. Mar ik tink al dat de mercedes alle dagen de Singel wol in pear kear delride sil, want Jabik wurdt neffens my noch net in "hobbyboer in ruste". En hy sil it care jier ek wol wer mei de bokkekarre fuort moate te ringstekken. Wêr 't greate minsken har al mei fermeitsje kinne. Ik hoopje al dat hy nochris in priis wint en dan in earerountsje makket om 'e buorren mei de krâns om 'e nekke.

Kaatsvereniging "Lyts Begjin"

In 1985 is het 40 jaar geleden dat de kaatsvereniging "Lyts Begjin" te Niawier werd opgericht.

Er werd vanaf het begin met veel plezier op de weilanden van W. Brunia gekaatst, en er is 20 jaar dankbaar gebruik gemaakt van de weilanden van Brunia, want kon er niet op een bepaald stuk weiland gekaatst worden, dan was er altijd wel een ander stuk weiland waar gekaatst kon worden.

Het was alleen jammer dat er greppels in de weilanden waren, hoewel de uitwerpselen van de koeien ook wel eens hinderlijk waren.

Hoewel de leden- en competitiewedstrijden van de eigen kaatsvereniging wel op de weilanden gehouden konden worden, was het in 1965 wel zo, dat als je als vereniging federatie- of bondswedstrijden organiseerde, wel kaatsers uit andere dorpen op de lijst kreeg, maar je kon wel merken dat ze liever op een sportterrein kaatsten dan op een weiland.

Daarom werd op de ledenvergadering van 1965 gepraat over de mogelijkheden die er voor Niawier waren.

Omdat de kaatsvereniging van Metslawier ook maar een kleine vereniging was, maar wel de beschikking had over een prachtig sportterrein en er wel voor voelde om met de kaatsvereniging van Niawier een combinatie aan te gaan, werd in 1965 besloten om als kaatsvereniging van Metslawier en "Lyts Begjin" van Niawier samen verder te gaan onder de naam van: kaatsvereniging "Lyts Begjin" te Niawier-Metslawier.

Deze combinatie duurt haast al weer 20 jaar en we kunnen achteraf vaststellen dat het in 1965 een goede beslissing is geweest om uit beide dorpen één kaatsvereniging te vormen, want de verhouding tussen kaatsers uit de beide dorpen is uitstekend.

Tot zover iets uit het verleden van "Lyts Begjin" maar in de volgende dorpskrant komen we in verband met het 40-jarig jubileum hier uitvoeriger op terug.



"It Andersminneshoekje"

Yn de lêste doarpskrante hawwe wy jim it berjocht joen dat ús feriening
19 maart 1984 berne is.

Wy wolle jim no fertelle wat wy meiinoar dien hawwe.



Op 9 juny hawwe wy oant fiskjen west. De wynskerms hienen wy op setten,
mar it holt net folle, want it waaiide in stoarm.

Allegear hienen wy ús angel mei, in protte wjirms, lege amers en fansels
in goed sin.

Krekt oer twanen smiet elts syn spul yn't wetter en doe mar ofwachtsje.

De fisken mochten ús wjirms skynber net sa graach, want de dobbers gien
net sa gau ûnder de golven. Op't lêst kamen der dochs noch wat fiskjes en
ieltsjes op é wâl.

Under it genot fan koffie en ranja fisken wy
troch tot eefkes nei fjoueren. Doe namen wy
ús angeljes en de fisk ûnder de earm en doe
kaam de priisútrikking. De haadpriis wie in
prachtich moaie wijselbeker, dy foel yn han-
nen fan ús jongste fisker Sjoek Nutma, 2^e priis:
dizze wie foar in oare Nutma, Tjalling. Hy wûn
in teleskoop angel. Klaas Wijma krieg de 3^e priis:
in houten angel. Der wie ek noch in pryske foar
dikste fisk en fansels in pechpriis. Doe hawwe
wy in krat bier lege op de goede resultaten. It
wie ús oanbean troch Gosse Veenma. Tige be-
dankt hijr foar, it hat ús bêst smakke.



Vervolg "It Andersminneshoekje"

In skoftsje letter hawwe wy ûfsprutsen om meielkoar te barbecueën as't waar geunstich wêze soe.

En op 9 juli wie't sa fier. It waard op de neimiddel al in bytsje dûnkerder en de sinne seachen wy ek net mear, mar de radio hie foar moarn ûnwoar en tonger yn petto en hjoed soe it droech bliuwe! dat hienen se ús beloofd... Alles waard klear makke yn é tún by Gerke en Eeke.

Healwei hjoggenen soenen wy de barbecue oansette, mar hy hie der net safolle sin oan. Undertusken kamen de minsken fan it Andersminneshoekje ek binnenstromen mei stuollen ûnder de earm en yn é oare hân in panne en bestek. Mei man en macht en fytpompen kaam op't lêst de brân der yn. Je koenen fan alles nei binnen werke sa as: frikandeltsjes, karbonaadsjes, hamburgers en gehaktboltsjes. Dit fleis hawwe wy kriegen as poppeslok fan Gerke en Eeke. Tige bedankt!

En doe mar ite. Earst wol sjen as't goed gear wie, want oars koe it je dé tosken wol kostje. En der ek om tinke dat it net te lang op dé hite koalen lei, want dan kriegen je lêst fan swarte frikandeltsjes.

Eltsenien siet noflik en tefreden te bikken en putske wat vocht nei binnen.


En de túnfakkels brânden.

10 oere: de loft beloekt raar; in kertier letter: it rommelde eigenhaardich; healwei alven: wy fielden de earste dikke drippen; it tongerde grouwelich en it wjerlochte de hiele loft läns.

Mar it koe ús allegear neat skele. Eltsenien holp om alles byinoar te klauwen en te ferhûzjen nei Gerke syn garaazje.

It waard op't lêst swier waar. Van der Kolk syn gesichtbeluts raar, syn hea lei yn 'e rein. It hat de gesellichkeit net bedoarn. En ik tink dat wy allegear re sêd en dweiltrochwiet thús kommen binne. Mar wa sjocht nei sa'n kostlike jûn op in drip reinwetter mear of minder? Gjin ien ommers!

Oant safier it Andersminneshoekje.



mmmm
wat lekker!!

"Oudere inwoners van Nijawier en Wetzens een dagje uit"


Sa stie it boppe it ferslag yn 'e Dokkumer krante fan 15 juni 1984. Wy tochten, dat nimme wy gau efkes oer, want wat de leeftiid oanbelanget kinne wy der alle kanten wei út. 65⁺ is net wier en bejaarden binne der eins net yn Nijewier-Wetzens, want elts is jong fan hert. Dat ha wy 14 juni 1984 dan ek wer meibelibbe.

Doe 't wy kreas op tiid yn 'e bus stappe soene, wie der in thûsbliuwer dy 't sei: "dus de famkes geane hjoed mei in busfol wiisheit op stap? No, dat sil jim te goede komme!" Doe winske er ús "read ferbarnde earmen en kûten" ta, wylst er nei de sinne wiisde, dy 't, o great wunder, al heech aan 'e loft stie. Wy tochten, foar 't wy noch meer goed bedoelde rie en soargsumheid oer ús hinne struid krije, moatte wy mar út ein. Nei 't Piet 'e Jel 40 koppen teld hie, der wiene de hollen fan 'e doarpsbelangfroulju en 'e chauffeur ek by, sette de bus út ein.

Op nei Den Oever. By Hallum sloech de bus rjochts ðf, wat wy wat ûngewoan fûnen. Oan 't de chauffeur Riekele Wiersma, ús fertelde, dat dit op spesiaal fersyk wie, om 't Christ 'e Dinie earst troch it Byldt woe, foar 't se nei de kop fan Noard-Hollân reizge. Wy koene it ús bêst begripe dat de krite wer 't se berne en opgroeit is har och sa nei leit. Want benammen om juni-juli hinne stiet dizze bouhoeke alhiel yn 'e pronk. Wy hiene alle respekt dat ús chauffeur sâfolle wist fan 'e skiednis oer dizze ynpoldere hoeke Fryslân. Oan 't er troch de mikrefoan sei: "earlik is earlik, de ynformaasje dy 't ik jim jûn haw, wie my gau efkes foarsein troch vrou Sytsma, want it Bildt is my alhiel ûnbikend"!

Op 'e ðfslútdyk waar 't efkes nuodlik, want vrou Streekstra sei: "Ik wol hjir hjoed wol bliuwe, want wat is it hjir moai minsken! Dat blauwe wetter en dy griene dyk, ja, lit my der hjir mar út." Mar wat moasten wy sûnder Sietske Streekstra sa'n dei? En om 't se dat begriep, is se gelokkich by it selskip bleaun en sieten wy 10 oere yn Den Oever aan 'e kofje.

Nei 't Wietze Goases syn 2 gevulde koeken op hie (wy witte dat er mear as normaal yn syn meager bealgje ha moet) gie it op nei Bergen aan Zee. Der ha wy it sé-aquarium besjoen. Prachtich wie dat. Sa koenen wy sjen en der efkes by stil-steen wat in kleurenpracht dèr djip ûnder wetter op 'e sé-boaijem groeit, bloeit en libbet. Sa seagen wy alle soarten fan koralen, in hiele bikende is bygelyks de bloed-koraal. En tink net dat dalia's allinne yn ús túntsjes bloeie, want wy hawwe "sé-dalia's" sjoen. Sa moai en tear yn alle soorten fan pastelkleuren wiuwden sé ús ta fanút it pikel-wetter. Tusken al dit groen, giel, rose, blau, ens., swommen bedeest en stimmich tal fan frjemd-sdartige fisken. Ek seagen wy in pear ielen fan mear as 2 meter lang. Wy tochten efkes oan 'e Nijewierster fiskwedstriid, mar ha it ús ek fuort wer út 'e holle set, want dizze greate jonges wenje allinne yn 'e Atlantische Oceaan.



Andries Wybenga stie nei in pear séskildpadden te sjen. Dizze almeugend greate bisten swommen mar wat mankelyk hinne en wer, by it tryste om 't ðf. Doe 't wy de ynformaasje oer dizze bisten lêzen hiene koene wy 't ús bêst begripe. Der stie

"soep-schildpadden". Net bêst wol? Us keapman sei: "Jow mei mar in gewoane bredde fisk". Hendriks Paula dy 't de man wat opfleurje woe sei: "dan krije joó dizze", wylst se nei in slank en fris útsjend fiskje wiizde. Mar nei 't se tegearre de ynformaasje oer dit foar 't each sa oantreklik bistke lêzen hiene, krigen se der beide wat argwaasje fan. Der stie "zeer giftig"!!! Wy binne mar gau nei bûten gien, dat ferset de sinnen wer wat no?

Dèr hearden wy noch krekt dat Tsjip tsjin Boate sei: "de weagest it net, do kinst op 'e Holwerter pier de sé wol sjen!" Tsjip, altyd o sa "guodlik en meigeand" hâlde de kop der foar en wie net fan 't stik te bringen en Boate gie wrokjend en stúmjend op in muorke sitten en sei: "Lolkje hie 't wol lije wollen". Mar syn Lolkje wie yn gjin fjilden en wegen te sjen.

Doe 't wy fregen at it faaks net koe om Boate syn sūnens, sei Tsjip: "krekt, want hy wol net nei de sé, mar nei 't strān. En net om yn 't sâñ te boartsjen, mar om te sjen, en dat komt syn sūnens net te goede". Doe 't wy de sé-kant ris útseagen, stie dèr it buordsje "Nudisten toegelaten". Boate hat net fan 't muorke ôf west!!!

Us magen begûnen te roppen, dat doe op nei Skorel, wêr 't wy "dinere" soene sa 't de chauffeur it sei. Sip Bos fûn dat it him neat skele koe, at' wy no "iten as dineerden". It soe him mei in slukje foarôf beide wol smeitsje onnearre er. En wat krike er gelyk. It mei mekoar iten is sa'n dei it hichtepunt. Willem de Boer en Bob Heikamp koene net wachtsje en hiene foarôf de sopbaltsjes út 'e grientesop fiske, sa-dwaande wie 't sloppe spul foar ús. Mar wy wiene roppich en in eamelsek dy 't dan op in baltsje moar of minder sjocht, is 't net sa? De twade gong bestie út opbakte Bintjes (tink ik) mei in ferskaat oan grienten. Der wie fan alles yn'e folop, mar dochs Wietse, dy 't tusken Dinie en Maaike yn siet, ferge hiel wat fan 'e kok. De froulju dy 't deabe-noud wiene dat dizze man net sêd te krijen wie, skepten om bar syn itensboard fol, oan 't Dinie sei: "Bille wij nou sans ophouwe Braaksma? Der mot ok nog een plakkie foor 't ijssie overblieve".

Eab Meindertsma en Jan Havinga dy 't beide in dei frijðf fan harren boeren krike hiene, kriegen it nei 't waarm miel efkes krap, harren knipperke skeat der hjoed by yn, derom joegen se har efkes del op it terras. En wylst giene de froulju, die sa'n dei net ðfwaskje hoege, te winkeljen. Johannes Akke hie 't sa waarm, dat se stie yn 't bestân en keapje in koarte broek. Doe 't se it ding onheesch hâlde, hat Jaap Steenstra har bewarre foar in miskeap. Hy sei: "Lizze litte, dat ding is jo 2 maten te lyts". Akke dy 't albiel op Jaap syn rie ðfgie hat him lizze litten en se wie moai bliid dat er him der efkes yn mong.


Jaap wie ek ús fotograaf. Doe 't er Jabuk Tsjalles op 'e kyk sette soe, wrotte dy wakker yn 'e bûsen om. "Och heden" sei er, "wat spitich Jant, ik ha't fergetten"! Fiet 'e Jel hie 't fuort troch en sei plechtich: "Jabuk syn gebit sit al-linne, at er op 'e foto stiet!"

Us eagen giene fan Jabuks ynfallen bekje nei Jant. Dy moat der alle dagen nei sjen fansels! Trije oere sieten wy wer yn 'e bus op wei nei Broek op Langedijk, wer 't wy de âldste griende-, fruit- en blommefeiling fan Europa besykje soene. Hoe 't dat feiljen no krekt gie, witte wy net, want al hoe goed Lolke's Jantsje har rôde koe mei har stôk (alle respekt foar dizze vrou har trochsetten) mar treprinne wie dochs tefolle frege. Dat doe it Nijewierster selskip út sicht wie, binne wy begün te yskoslikjen. Mar dat it klokken in spannende oangelegenheit wie koene wy wol fan Theunis Gryt har gesicht ðflêze. Se kaem as earste op ús ta mei in sek jierpels yn 'e hûn, wylst Theunis 2 mânske kroppen sla ûnder de earmen droeg. Jurjen sil de oare deis wol net folle ferkocht ha, want it reinde bosken woartels, komkommers, grauwe reade en wite koalen, prei en pûden apels. Beane Zwaan sci hymjend: "Ik hie folle mear keapje wollen, mar ik koe de "knoppe-drukkerij" sa hurd net byfytse". Sa koene we it sels ris neibelibje dat 'e griendekeaplju op har iepenst wêze moatte om skaplik aan har produkten te kommen.

Om fiif oere slaggen wy mei de hiele negoasje yn 'e bus en it gie op nei Zurich. Hjir ha wy ús jûnsmel behimmele, dat bestie út broadsjes mei kofje. It smakket sokke tiiden folle lekkerder as thús.

Om 't dit ús lêste pleisterplak wie, binne wy mar wat plakken bleauw, want hoe soe Hinke Dykmu nei hûs kinne súnder har slokje! Dat bestie diz kear út twa advokaatsjes mei in fracht slachrjemme. "'t Is wer ris wat ours as bessen" sei Hinke en leppele de boel nei binnen.

Doe de sokken der yn en op nei Nijewier, wer 't wy fansels (dat is foar ús "fansels", mar s̄y moatte sokke tiiden "fansels" mar wer klear steun) troch de musyk, ús eigen korps ynhelle waarden. Prachtich is dat!



Wy tochten efkes, wat is Nijewier sùnder korps? Wy kin it ús eins net foarstelle, mar rekkenje mar dat it in deade boel wèze soe. Mar wy ha dy rare tinkwize ek daliks wer fuort treeun, want ús "musyk" hast 65 jier âld en sa fiaal as wat, bliuwt der dochs? Dèr soargje wy ommers meiinoar fear? No dan! Wat kin in minske somtiiden nuver tinke net?

De "Nij Sion"-kommisje hie de thé al trutsen (wat wurd m'n sa'n dei bedoarn) dat doe elts noflik teplak siet hat Andries Wybenga ús doarpsgenoaten ferslag dien oer ús wjerfarren dy deis. Alles wat er sein har wie wier fansels.

No hie Dinie yn 'e bus Riekele Wiersma al tige betanke om 't er sa oer ús hoede en noede hie, troch fersichtich rieden en feilich thúsbringen. Wat drage se in ferantwurdlikheit dy chauffeurs.

De foarsitter fan 't dcarpsbelang betanke elts dy 't it mei mooglik makke hie dat dizze jiewlikse reis wer trochgean kinnen hie. Syn winsk wie dat dizze goede tradysje fuortbestean bliuwe mocht sa dat er der by sùnens sels ek nochris fan genietsje koe.

Ta beslút songen wy mei begelieding fan ús korps Liet 390 fers 1 en 3, werni in elts risselwaasjes makke om och sa foldien en tankber de stap der yn te sette.. om nei hûs.

Faaks is it ferslach wat lang útfallen, mar lang alles is net trochjûn. Bygelyks it stikje skiednis fan 't Ryldt wer 't wy fan genoaten hawwe. Mar alles yn ien kear soe te langtriederich en ferfelend wurde. Dan fertelle wy dèr in oare kear wat fan.

BERJOCHT UT EASTRUM

Leave stûten, wat my nou oerkaam is ofrûne fredejûn minskens, minskens.

Ho, út kleare oerstjoerens ferjit ik alhiel om my foar te stellen.

Ik bin een 3 gats bowling bal en ik wenje yn de grutte bowling baan te Eastrum.

Jim sille wol tinke, what hat 'n bowling bal nou te skriuwen, nou dat sille Jimme wol gewaar wurde.

Ik rjochtsje dizze brief aan de direksje fan e doarpskrante fan Nyewier-Wetzens yn 'e hoop dat se dizze brief pleatse wolle.

Want dat er praat wurde moat dat is dudlik. Goeie minskens, what hawwe myn familje en ik er fan lâns hân die fredejûne de 6^e fan Oktober.

We hiene berjocht kriege dat we wurkje moasten want 't Doarpsbelang fan Nyewier soe mei 'n ploegje delkomme.

Nyewier tochten wy, what sil 't wèze!

Twa miskien fjouwer banen hiene we tocht, en dan op ús gemak de baan ôfrôlje.

Jawis, oer de hûnderd minskens en fanatick !

Dûbele tsjinsten moasten we meitsje, sûnder skoft. En hoe hurder at wy de baan del sûzen hoe moaier at se 't fûnen.

Ach, 't moat my al fan myn rûne hert, der wiene wol in pear dy 't om raak koene.

Nim no Geart Nicolai, hup 2 fingers yn myn eagen, de tûme yn 'e noas en dêr fleach ik wer nei de middelste kegel, wer alles om.

't Wie om moedeloas fan te wurden mei die fint.

Mar 't wie wol in jûne fan "ups en downs", nim no Gryt Wybenga. Yn 'e earste rûne goaide se in âlmachtich protte punten, mar yn 'e twade rûne smiet se my achterút.

Och, och 't hiele groepke spotte útinoar foar my, wylst ik yn 'e minskens eagen toch mar in earmetierich lyts rûn protsje bin. Mar hûrt bin ik al hé Gea ? Die stumper hie de wijsfinger tusken my en myn kollega yn, doe koene wý ris gniize.

Ja gniize dat koene se wol die Nyewiersters. At se ien kear los binne liket it my wol in gesellich folkje ta, want op 'e weromreis fan efter de kegels koe ik it hear moai oersjen.

't Wiene tige fleurige gesichten oeral en allegear soarten.

Ik seach bern fan om en by de tolve jier mar ek vrou Andries Anne balle noch prachtich mei. O ja en dan die Holman's, hoefolle bin der einliks fan ? By alle acht banen stie wol ien. De baas fan dat spul sil wol tocht ha, ik bin wis fan 'n priis at ik de hiele familje ynset.

De Wetsumers wiene fierders ek net fys fan 'n pryske yn elts gefal fiif binne dat útrekke.

Oer de pryskes te praten, dat wiene moaie dingen. Sulveren steanderkes mei 'n poatsje, is 't net 'n pracht. Al mei al hawwe we fan sâwn oan't âlve oere hin en wer flein, en de Nyewiersters mar gniize.

't Wie by alle banen tige gesellich en wha 't net balle die sieten moabyinoar oan 'n lyts slokje. Sa wie 't al mei al 'n moaie jûne, ek foar ús, want wy rôlje ek graach ta freugd fan 'n oar, en freugde wie er.

't Wie sels sa slim dat wy yn 'e oeroeren kamen te sitten.


Nei de priisútriking en 't betankjen fan 't doarpsbelang foar de prachtige jûne giene de mesjines wer oan en och heden dêr sûzen wy wer hinne.

Se wisten net fan ophâlden en ik haw no al heard dat it doarpsbelang de spiker op 'e kop slein hat mei dizze jûne.

Wat ús oanbelanget binne jimme 't oare jier wer fan herte wolkom.

Mar dan moatte wy wol ien ding ôfprate, allinnich at jimme wer deselfde fleurichheit en de grutte gesellichkeit mei nimme, binne jim wer fan herte wolkom.

Oan 't safier de 3 - gats bowling-bal.



Musykferienigung "de Bazuin".

Sa't wy it yn'e foarige doarpskrante al efkes fermeld hawwe,
hat it korps yn febrewaris aansteande 65 jier bestien.
En wy ha miend dit feit net üngemurken foarby gean to litten.
Mar om nou in feest foar jinsels to organisearjen dat like
ús net sa aerdich. Dat der is út ús doarpen in kommisje
yn it libben roppen om dit feest gestalte to jaen.
De foarsitter fan dizze kommisje is Ouwe Weidenaar en fierder
hawwe der in sit yn: Maeike Wybenga, Gea Krol, Fokje Kingma,
Paulus Havinga, Hindrik Nicolai en foar de musykforienigung
Jan Jelsma. Sâwn enthousiaste minsken, dy't mei moed út ein
setten binne. Har earste wurd hat west in datum fêst te
stellen foar it feest en dat is wurden woansdei 27 febrewaris.
Hoe as it feest der út sjen sil en hwat der dy deis allegear
barre sil dat witte wy nou noch net, de kommisje sil der wol
mei rôde. Wy'winskje harren alle sterke en succes.
Jim sille der wol mear fan hearre.


- 0 - 0 -

Bloemschikken.

Hallo Dames,

Zijn er misschien weer dames die willen bloemschikken?
Als er genoeg deelname is wordt er weer bloemschikken gehouden onder leiding van Mevr. Scheepstra.

U kunt zich opgeven bij:



Fokje Kingma
A.Donistraat 7
Tel. 2018
of bij:
Lutske Dijkstra
Grote Steeg 4
Tel. 1709

Famyljeportret

Ek yn dizze editie fan'e doarpskrante sille wy wer efkes in pear minsken nei foaren helje en prebearje it ien en oar út har libben to fortellen.

En dizze minsken binne by âld en jong bikend:

Douwe en Martsje Dykma.

De âlderen ûnder ús hawwe ek Douwe en Martsje har âlden noch wol kinnen, dat wiene Bouwe en Sjutsje en derom wurd troch in bulte ek faek praet oer Douwe Bouwes.

Bouwe Dykma hat in foaroansteand plak yn nommen op it gebied fan tsjerke en skoalle. Hwa't de skiednis lêst fan'e Griff. Tsjerke as fan'e Kristlike skoalle, sil der gauris de namme fan Bouwe Dykma tsjinkomme. Bouwe Dykma syn earste frou hiet Martsje en se hawwe yn it begjin fan har trouwen wenne yn it hûs, der't nou Sije en Gryt wenje, mar al ridlikgau forhuzen se nei de pleats, der't nou de Turkstra's wenje.

Se kriegen twa bern, Tsjomme en Jehannes. Nei it forstjerren fan Martsje troude Bouwe mei Sjoerdsje, dy't yn'e folksmûle Sjut of Sjutsje neamd waerd. Se kriegen trije bern, Douwe, Martsje en Louw. Sa wiene der dus fjouwer broers en ien suster. Twa broers binne net âld wurden. Tsjomme stoar nochmar 27 jier âld en Louw is mar 31 jier wurden.

Jehannes trouwde en gyng nei it Skoar to wenjen. Sjutsje is stoarn yn 1936 en Bouwe yn 1942. Dit wie dan it ien en oar oer de foarskiednis en nou sil it forhael dus fierder gean oer Douwe en Martsje.

Douwe is berne 12 july 1906 en Martsje 8 april 1908.

Douwe wie noch mar 4 jier dû't er nei skoalle gie.

De skoalle hie dû noch net sa lang bistien, hwant de âldste broer Tsjomme hie noch nei Nytsjerk nei skoalle gien.

De skoalle bistie dû út twa lokalen, mar it twadde jiers dat Douwe nei skoalle gyng waerd it tredde lokaal bouwd troch timmerman Pranger út Dokkum foár 1649 goune. Martsje wie krap-oan 6 jier dû 't se op skoalle kaem en wy kinne har beide sjen op in foto yn it boekje "75 jier Kristlik Underwiis te Nijewier-Wetsens" op blêdsidé 16.

Douwe wit ek noch to fortellen dat tidens syn skoallegean de griff.tsjerke forboud waerd. Bistie dy earst út trije ruten, der kaem dû in rút by. Tidens dy forbou prestearde Douwe it ris om ûngemurken yn'e preekstoel to klimmen.

Derfoar krike hy fan'e timmerman in beste klap om'e kop, hwant sok dwaen stie lyk mei "heiligschennis".

Douwe kaem mei 10 jier fan skoalle. Dat wie oars it doel net, hwant Douwe soe trochleare. Mar troch syn kwael (hy wie slim besocht mei astma) foun dokter it better dat er mar net mear nei skoalle gyng. Dat as jonkje fan 10 jier moast Douwe al mei nei it lân om jongeswurk te dwaen.

Dat bistie dan ut stikellûke, fitersykje, strontbûtse en al sokke rotputsjes. Fan skoalle ôf moast men ek nei it fraegleren, dat begoun middeis om 1 úre. Earst barde dat ûnder ds. v.d.Meulen, letter by ds. Beukema en ek noch by ds. Biersteker. En fansels Douwe gyng ek nei de knapen.

Der wiene dû 5 knapelieders, dy't om'e beurt de saken waernamen. Dat wienen Andries Minnes Wybenga, Geart Rinses Weidenaar, Markus Weidenaar, Goffe Miedema en Jan Wybenga en dizze lêste wie neffens Douwe ek de bêste.

De knapeforiening waerd op snein hâlden fan healwei fiven oant seis úre. Der wie dan ek eltse kear ien fan'e âlders by om it spul yn'e stokken to halden.

Martsje gyng nei de naeiforiening. Under lieding fan Saekje Wybenga (dy't wenne op'e pleats dert nou Eisinga wennet) waerd der hiel hwat ôf naeit en breide.

En dat wie dan it saneamde leafdeswurk, hwant hwat klear wie waerd nei earme minsken brocht. Martsje wit ek dat se op'e fammeforiening ris mei elkoar op'e foto soenen, mar se koenen it net iens wurde oer de fotograaf dy't de foto nimme moast. De iene achtte dizze tige bekwaem en de oare dy, dat it waerd in rûzje, it wie net moai mear.

Riemke Weidenaar dy't presidente wie kaem der op lêst mei del en liet sjonge Ps. 65 fers 2:

Een stroom van ongerechtigheden
had d'overhand op mij
Maar ons weerspannig overtreden
verzoent en zuivert Gij.

Der wienen wy mei takocht sei Martsje.
Ek hat Martsje noch nei de sjongforieniging gien, dy't
under lieding stie fan master Slump..
Fansels wit Douwe ek hiel hwat to forhalen oer earder
tiden hoe as it mei de buorkerij om en ta gyng. Se bibuorken
sa'n 70 pounsmiet bou en greide en by de simmer wiene der
stéfest 5 as mear arbeiders. Douwe en syn broers probearren
har heit ek wol ris oer to heljen om in machine aan te
tugen, mar dy woe der gjin praat oer hearre, hwant neffens
him wie in arbeider altyd noch guodkeaper as in machine.
In fést arbeider makke yn dy tiid wyks 70 ûren.
Hy bigoun moarns om 3 ûre, earst melke en dan om healwei
fiven brea ite. Fan 5 oant 8 ûre nei it lân, dan fan 10 oant
1 ûre. Om 2 ûre melke en fierder oan't 6 ûre wer nei it lân.
De losse arbeide makke wyks 54 ûren. It ûrelean wie om en by
de 25 sinten. Nei de eerste wrâldoorloch kaem der hwat in
opleving yn'e buorkerij, de prizen bigounen oan to lûken en
de bêste kij brochten soms wol 4 as 500 goune op. Mar dat
duorre net sa lang, hwant om 1925 hinne koe in hiele bêste
kou amper 100 goune opbringe en as de ierpels twa kwartsjes
it kuorfol jilden wie dat in bêst gemaek.
Yn 1921, Douwe wie du 15 jier, wie it in tige droege simmer,
gjin sleat mear der't wetter yn stie. Om drinken foar it fé
to finen, waerd der by Douwe en dy foarhûs in great gat
groeven fan meters djip, mar al hwat se founen, gjin wetter.
Dû waerd yn it gat in bynstôk yn'e groun slein.
Sa'n bynstôk wie in ein peal fan om en by 4 meter. By it
útlûken fan'e peal kaem der dochs in bytsje wetter, mar dat
net allinne, der kaem ek gas út, en it woe ek barne.
It hat neitiid noch 40 jier duorre heart de gelearden fan
nou der achter kommen binnen. Mar nou genôch oer de âlde
tiden, hwant Douwe en Martsje libje net allinnich mei har
gedachten yn'e alde tiden, o heden né, se genietsje ek fan
dizze tiid en libje mei yn alle dingen.
Se wenje nou krapoan 20 jier yn har nije hûske en wy kin mei
wierheid sizze, it is in hûske fan "hâld oan". It sit der
noflik. Net to tellen bin de bakjes kofje (mei in moai
protte súker) dy't Martsje har gasten yngitten hat.

En by it fiortgean in gron Wilhelminamuntsje achter de kiezzen en iea yn'e bûse foar underweis. Oer de greate romers sille wy mar swije. Douwe hat ek yn it tsjerklik libben tige aktyf west, sawol yn'e sindingskommisje, as ek yn de kommisje fan beheer hat hy in sit hân en is nou al langer as tolve jier boekhâlder fan é Griff.Tsjerke. Forline jier hat de doarpsgemienkip al efkes yn noed sitten, hwant Douwe moast foar in operaesje nei it sikenhûs. Dit wie net best, toemear om't Douwe foar it earst fan syn libben fan hûs moast. De man soe sa ûnwennich wurden als ik kat. Mar neat der fan, it foldie him der best en de susters wiene like mäl mei him al hy mei har. Lakkich is alles goed biteard en sjogge wy hem sneins wer op'e fyts nei tsjerke rideń, eltsenien dei sizzend dy't er tsjinkomt. Wy als doarpsgenoaten fan Nijewier en Wetsens binne wiis mei dizze beide minsken en wolle har fanôf dit plak dan ek alle goeds tawinskje op har fierdere libbenswei.

Ha, luitjes!

Hoe is 't met het leven?

Niet best zeker!


Nou met mij het is het.... nou hoe zal ik het zeggen:
nou, gewoon goed!!

Met vakantie zijn we naar Vledder geweest (daar staat onze camping dus). Om de camping zijn allemaal bossen, die er in Drente bijna overal zijn.

Zijn oom en tante ook met vakantie geweest? En waren daar ook bossen? Boslucht is goed voor tante's lijf.

Heeft tante ook nog gezwommen in de vakantie.

Nou, ik krijg er niet genoeg van.



Maar dat geklets over de vakantie moet ook eens ophouden.

Laten we het eens over school hebben (hoewel ik er van baal).

Onze meester (meester de Goede) lijkt net een aap dat is punt één. Om bij dat onderwerp te blijven het is dus familie van tante. Meester de Goede frunnikt altijd aan z'n haar.

Maar het is een leuke meester.

Nou ik het toch over open, dus dieren, heb, vist oompje nog wel eens?

En hoeveel jonge poesjes heeft de oude kat gebracht?

Een de meesters en juffen daar, zijn die bij jullie ook wel leuk? Of zijn dat ook een stelletje dieren.

Wat een vragen hè?

Maar daar moet je maar aan wennen, vragen is en blijft m'n hobby!

Weet tante ook nog een lekker roddelverhaal uit het dorp?

Groeten:

Margriet!!

22 okt. 1984

Leaf Margrietsje,

Dus do tochtste is soe mei ús hjir op 'e romte wol net sa bêst wêze? Jimme heit en mem ha dy seker fortelt fan 'e wiete hjerst en dat boeren dêr it mier aan hawwe.

Dat is foar de bou-boeren feitlik folle slimmer mei harren jierpels en weet, en ek wol se graach wat droegte at 'e súkerbieten ut 'e grûn moatte. Mar'k wit net.....

Dat wy seure en eamelje net heal, want wy binne sún.

Do skriuwst dat jim wer yn Vledder sitten hawwe yn jimme fekânsje. No wy binne sa no en dan in dei as fjouwer fuort west, net lang, mar wol moai. Wy binne ek noch efkes yn Drente west en der binne wy op 't fytske troch bosken flein en der kaem gjin ein wer aan. O sa moai, wier!

Mar bern wat is 't der dûnker en beheind, foaral de dinnebosken. Wy moasten de lampen hast oan ha. Nim it my net kwealik Margryt mar jow my de romte mei syn fiere sichten mar.

En ha de gek net. mei myn búkje, skammest dy net?

Ja ik ha mei de búk yn't wetter west hear, yn in poele, en dy wie knap smoarch, dat 'k wie unwennich fan 'e feart op dat stuit. Us doarpsgenoaten binne oan 'e kaarten te sjen folle fierder fuort west. Der wiene guon nei Amerika en nei Engelân en Spanje. Wiken lang!

'k Tink wolris, hoe is't mooglik, en yn stilte bin'k o sa bliid at it hiele spul mar wer by honk is. Sûn en wol wer thûs, dan kin it libben syn gewoane gong mar wer gean. Want benammen yn 'e boufakwiken liket de woartelstêd wol útstoarn. Men sjocht dan hast gjin bern mear boartsjen. It hiele swikje is dan tydlik nei 't Sûden ferfearn. Der hast yn'e stêd sa gjin erch yn fansels. Der witte se meastal net iens at 'e buorlju mei fekansje binne. Dan skriuwst "laten we het eens over school hebben" en do "baalst" opslach! Net bêst wol ju? Wer liket sok skriuwen no op. En dan moatte dy bêste master de Goede en tagelyk dyn bloedeigen muoike it ûntjilde, troch iiskâld te sizzen dat wy ta de ape-famylje beheare? Slim is't. Sjoch, wat as't fan my sizze wolst kin my 't measte net skele, mar wy binne ús master en juffer folkje o sa tragedien, en dêr hast do lytse skiter mei dyn stêdshântjes fân ôf te bliuwen.

't Moat net mälder wurde. Der hast no Harry Nienhûs, 't haad fan 'e skoalle, dy't mei de bern fan'e heechste klassen gau efkes in priis mei in wurkstik fan't 40 jier bestean fan't jeugd-readekrús wûn. Se kamen mei 250 gûne thûs en sille dat jild spansearje van'e skoalbibliotheek. Dat ha se dan dochs mar efkes opred!

Master Liuwe Sytsma is master en boer. Der hast net fan werom tink? Hy hat by him thûs de jierpels en bieten bij de glêzen op te stean en ik seach him fan't simmer op in Sneon, by syn skoanheid op'e pleats yn in ûnfûch grutte trekker oer de kulebult hinne jeien. In saneamd natoerprodukt ús master Sytsma. Juf Anja fan Til kin 'k net sa goed, want dy wennet net yn't doarp. Mar oan har eagjes te sjen red se der wol mei. 'k Wit dat se yn'e sport knap fanatick is en dêr mei'k wol oer. Juf Titsia is de mem fan alle beukers, want al wat dizze juf seit is wier! Juf seit it? Dan falt er net mear oer te praten. Ut en af!!

Juf Antsje Wybenga gie it te stadich en hat har in "eend" oanskaft. Der yn jaget se no fan'e iene skoalle nei de oare. Se sit no yn'e gulle (gordels Margryt) om't de plysje har oars op'e bon slingert, mar se hat 't amper oantiid dy dingens fêst te heakjen, om't se altyd dwaende is de bern it noadige by te bringen.

Juf Hilly Sysling is ús stimuleringskreft. Der hast seker noch nea fan heard? Dat wol sizze, dizze juf prebearret ús bern noch wat ekstra's ta te stopjen en benammen op tael-gebied.

Juf Elgersma jout ús bern al jierren hânwurkles.

Neist it stopjen, ferstellen en mazen leard se de bern alle mooglike moderne hânwurktechnieken by te brengen.

Derneist ha dizze minsken harren by-baantsjes noch, lyk as yn'e tsjerkerie sitte, lieding jaen oan'e klubs, berne njonken tsjinst ens. ens. Mar by allegear stiet foarop, ús bern sa-folle mooglik kennis by te brengen en der binne wy harren oars net as tankber foar. Do woest dyn muoike wat op stang jeije, want do wolst wolris witte, hoe't ik oer ús "frikken" tocht.

No dan wist no dat wy alle respekt hawwe en wêz do mar aerdich foar dyn master de Goede. Ofpraet? En gjin ape-praet wer hear.

Foei! Mar fan't iene yn't oare, ús âldkat hat fjouwer poeskes krike en romje de mûzewrâld al aerdich op, 't waer tiid ek.

Dan fregest of't ik noch in "roddelferhael" wist. No ju, lit ús dit efkes foarop stelle, ik hâld net fan roddels, 't is my te min, en'ik wol der net nei hearre ek. Want roddelferhalen binne nét wier, mar it giet wól oer minsken. En wy meie minsken net fertried dwaen troch gemiene en sels optochte dingen oer harren te fertellen. Mar brike dingen dêr't wy mei mekoar o sa'n wille om hawwe, barre hjir genoch. En dát bedoelst fest Margryt. Meastal geniet it hiele doarp mei, om't wy mekoar sa-goed kinne. In stêd is sa grut, en'e humor leit dan faeks net op'e selfde hichte. Der komt in bryk ferhael net ta syn rjocht. Mar do fregest hoe't mei omke syn fiskjen gien is fan't simmer. No 't is in bryk ferhael, mar ik kin dy sizze fan bêst.

Hast té bêst, want hy hat oan twa kear ta in jonge de feart yn jage, mar de tredde kear wie't mis. Omke mei graech fiskje dat is dy bekent, mar hie moat al wat fange en krekt dêr ûntbriek it him. Der lei ien behindich ieltsje yn'e amer en dat wie te min foar de bried-panne. Mar doe barde it wunder! Der helle omke dochs in fisk omheech fan wol in heale meter lang en doe bruts it snoer en'e fisk swom'e feart oer mei de dobber kreas efter him oan! Omke raesde "helje myn fisk op". En de jonge dy't trouw mei him gie te fiskjes, betocht him gjin momint en sprong fan kleare argewaesje en sk'ik mei klean en al de fisk efternei en brocht him omke yn 'e amer.

In wike as wat letter barde it wer, mei dit ferskil, dat omke no alles út 'e hadden slein wie. De fisk swom fuort mei de angel efter him oan. Omke raesde en'e jonge sprong wer yn 'e feart en helle alles op 'e wâl. It wie sá fûleindich kâld dat it begrutte my om 'e jonge. Ik fûtere "dy jonge kin der wol in krupsje


Under de lea krije, 't
is gjin wetterhûn!"

Mar de tredde loop gie
it omke sa glêd net óf.

Omke en 'e jonge sieten
wér op it fertrouwde
"stekje" en nei lang
wachtsjen helle omke
in baas-iel omheech,
mar och heden, it snoer
briek wér en omke soe
de jonge de feart wer
yn raze. Mar.... de
jonge bleaun sitten!

Hy sei "gean sels mar,
ik frek it". Omke is
net gien. De jûns by

't waerme kacheltsje sei er noch al "och oars hie 'k der efter
oan swommen, mar 'k woe net in krupsje oprinne yn dat kâlde
wetter" en seach mei in skean each nei de jonge.
No prakkesearet omke der oer om in wetterhûn oan te skaffen.
Wy wit alle gear wol werom.



De groetnis en in tút fan

muoike

Bazar

Freed 16 nov. dan is it wer safier en hâlde wy ús jierlikse bazar foar en yn "Nij Sion". It is hast al in tradysje wurden, hwant sa yn it begjin fan 'e hjerst wurd der wol gauris troch dizze of jinge frege "hwannear ha wy wer bazar?" En it is dit jier ek wol tige nedich dat der in bazar hâlden wurd, hwant wy hawwe hwer in protte fûnkosten makke. Yn 'e nije seal en yn 'e keuken is nije fitrage foar de ruten kommen en foar de greate seal binne der 100 nije stuollen en 20 tafels kocht. It âlde materiaal is nou 17 jier brûkt, de tafels binne sutrich en de stuollen is it bêste ek foargoed ôf, de earmsteunen begjinne der ôf te brekken, de poaten stean der bryk ûnder en tidens in gearkomste koenen se forfelend kreakje. De nije tafels hawwe deselde breedte as de âlde mar binne 20 cm langer en de stuollen hawwe in brune kleur en binne fan keunststof. Yn it lêst fan oktober kin it spul der wêze. Mar al mei al is dit in ynfestearing fan om en de by talvetûzend gûne en derom is it dus wol nedich dat wy wer in goede bazar krije, en wy rekkenje op aller meiwurking.

Nou hwat oer de bazar sels. Wy begjinne om healwei fjouweren, dan is der foar de bern de grabbeltonne en stean de dames wer klear efter de ferkeaptafels mei allerhande artikels, en net to forjitten de forlotterijen, de buorden, de enveloppen en al dat soart attraksjes. Men kin der fansels ek in bakje kofje as oars hwat brûke.

Tusken healwei seizen en seis ure gean wy dan nei hûs to iten mar gelokkich hoeche de froulju sa'n joun sels net foar it iten to soarchjen, hwant ús doarpsgenoat Simen Mol hat hwér tasein, dat hy foar bakte fisk soarchje sil en wy witte dat hy se net allinne brún mar ek lekker bakt. En dan binne der ek wer fijne slaetsjes, dat de iterij is gjin punt.

Om healwei achtien begjinne wy dan wer en wy hoopje dat jim de jouns ek allegear fan 'e partij binne. Der is fan alles to belibjen mei oan 'e ein de forkeaping en de útrikking fan de prizen.

Oant sjen op 16 novimber yn "Nij Sion".



Wandelvereniging

"Klein maar Dapper"

"De Sweltsjes"

In mei van dit jaar hebben we een w.c.-papieractie gehouden voor onze vereniging. De netto-opbrengst bedroeg f 580,45. Geweldig, bedankt. Hierdoor konden voor de jongste groep nieuwe regenjacks worden aangeschaft en hielden we ook nog een mooi "potje" over voor onze kas.

Inmiddels is het wandelseizoen al weer afgelopen. Beide groepen hebben aan 6 tochten deelgenomen. Waar we naar toe zijn geweest, hoe het weer toen was, hoeveel punten en welke prijzen we hebben behaald, kunt u hieronder lezen. Het verslag van "De Sweltsjes" is geschreven door Jacob Prins en Durk Weidenaar. Van "Klein maar Dapper" door Jeannette Nicolai en Wytske en Hinke Nutma.

"De Sweltsjes"

Op 5 mei moesten we in Nes lopen. Het was een koude tocht en we vonden er niet veel aan. Het was heel saai want we moesten bij de zeedijk langs maar we hadden toch 59½ punten, de derde prijs. Dus we hadden nog netjes gelopen ook! We zouden op 12 mei naar Kollum maar dat ging jammer genoeg niet door want anders moest Durk trakteren omdat hij jarig was. In Metslawier gingen we op 1 juni lopen. Op het laatste moment,

toen we bij de molen op Ropta waren, begon het te regenen maar we hadden 58 punten, zonder prijs.

Toen moesten we ongeveer drie weken wachten. Dan kon de liefhebber een beetje trainen voor Bakkeveen, want daar moesten we 23 juni heen. Het was toen heel heet en we moesten door stoffige en moffe paadjes. Daar hadden we $59\frac{1}{2}$ punten en een goede tweede prijs. Toen moesten we ook een blokje om het dorp.

Toen konden we meer dan twee maanden rusten want we hoefden niet eerder dan 25 augustus weer te lopen in Beetsterzwaag.

Daar zijn we ongeveer twee kilometer misgelopen met Griets wandelvriend. Ook de Oosternijkerkers waren verkeerd gelopen. We hadden toch 59 punten, zonder prijs.

Toen konden we een weekje wachten en gingen op 1 september naar Damwoude. Zoals altijd regende het daar. Toen we binnentkwamen kregen we een ijsje. We moesten loten omdat er drie groepen 60 punten hadden en we trokken de 1e prijs.

Weer een week later naar Surhuisterveen, dat was een klein tochtje maar we vielen net buiten de prijzen met $57\frac{1}{2}$ punten.

Jacob en Durk.

P.S. Op dit moment staan we op een derde plaats in de wandelcompetitie. Omdat er wandelgroepen zijn die ook nu nog aan tochten deelnemen, kan hier nog wel verandering in komen.

"De wandelclub"

De eerste tocht was de tulpentocht in Nes. Toen was het heel koud en toen we klaar waren stonden de auto's bij de uitgang. Alleen Hennie Meindertsma was er nog niet. Toen hadden we nog heel lang gewacht. En Hennie ook want die stond bij een andere uitgang te wachten. Maar later toen was Hennie haast alleen weggegaan. De tweede tocht was in Wouters Woude. Bij de tocht in Metslawier waren we nog maar net klaar toen het heel hard begon te regenen. En in Metslawier deden de 5e en 6e klas ook mee. En zij moesten nog een heel eind lopen. Toen ze klaar waren moesten de meeste kinderen nog een kilometer naar huis fietsen. De vierde tocht was in Drachten. En de vijfde tocht

was in Beetsterzwaag. En de laatste tocht was de Haletocht in Damwoude.

Jeannette

"Klein maar Dapper"

In de laatste week van april zijn we weer begonnen met oefenen. We hebben de tocht in Nes gelopen op 5 mei, 26 mei waren we in Wouterswoude en 1 juni in Metslawier. Op 23 juni gingen we naar Bakkeveen. Na de grote vakantie was er nog een wandeltocht in Beetsterzwaag op 25 augustus en op 1 september in Damwoude. Gretha Klooststra en Zwanette Dijkstra zijn onze leidsters. Onze groep bestaat uit 12 meisjes en 1 jongen. Na afloop van elke wandeltocht kregen we als herinnering meestal een medaille.

Wytske en Hinke

De uitslagen van "Klein maar Dapper"

5 mei	Nes	29 punten	1e prijs
26 mei	Wouterswoude	28 punten	1e prijs
1 juni	Metslawier	29 punten	1e prijs
23 juni	Bakkeveen	29 punten	2e prijs
25 aug.	Beetsterzwaag	28½ punten	geen prijs
1 sept.	Damwoude	29 punten	geen prijs

- 0 - 0 - 0 -

Hinne Wijma syn organisaasje mekearde 't him net aan. O heden nee.

Doe 't er de "huis aan huis" besoargje moast, naam er yn 'e hinnereis gau efkes in autofol jierpelbakken mei, plakte se kreas yn 'e wâl by syn tún. Dan koe er nei 't besoargjen fan 'e krante opslag beginne te jierpelsykjen.

Jammerlik genoch binne der nea jierpels yn dy bakken kaam, want doe 't Hinne by syn tún kaam hie de "grootvuil"-auto de lêste bak yn'e bek.

- 0 - 0 - 0 -

wist u dat

- Albert en Tietsia de Boer okkersneins in oere te gau by de tsjerkedoarren op stiene?
It koe der op troch om 't it by 't yngear fan 'e winter-tiid barde. 'k Haw derom wol heard, dat 'e buorlju dy twa wol rinnen sjoen hiene mar net efkes werom roppe fansels. Se fûnen it fierste moai.
Sneu foar dy twa, is 't net sa?
- It mei Harry hast krektlyk gong? Mar mei dit ferskil dat dy 2 oeren te let wie?
Hy kuiere mei vrou en bern by tsjerke lâns en seach in minske op 'e preekstoel stean. Hy sei ek noch: "der stiet ien of oare gek op 'e preekstoel te oefenjen". Syn vrou har foar alle sekerheid dochs noch efkes it krantsje op-slein. Dy gek bliekt doe in dûmje te wêzen en as er Harry syn wurden heard hie, ja dan hie er raar oefene! Soe 't net? No is 5 oere ek in bûtengewoane tiid, dat fuort mar wer.
- Gerke Nutma fan 't simmer mei de keuring yn Snits de reservekampioen en ek noch in twadde priis fan 'e skiepperrammen wûn hat?
't Sil Nutma noch lang heuge, want doe 't er thûskaam en Eke ferslach die, koe er har de reservekampioen al toane, mar ... wer wie syn twadde priis? Die stie noch op 't keuringsterrein! As de wjerljocht nei Snits fansels. Der stie er noch, en moedersiel allinne. Sneu foar 't ramke. 't Wie hast in spultsje fan "Wie 't kleine niet eert", is 't net sa?

Hwa hearde it yn syn libben ea sa bryk,
yn Nijewier ha sa nou ek al bejaerdengymnastyk.
Swaen en Jantsje Katsma brochten 't saekje oan 'e gong.
Jantsje hat nou ek de lieding, Swaen de pong.
Mei in list troch Wetsens en Nijewier,
krapoan tweintich froulje kriegen s' op papier.
Jabuks Jant dy woe earst net rjocht happe
hwant dy har âlde bonken wolle wolris knappe,
it ein fan 't kleaster wie har winlik ek to fier
mar lokkich kaem der yn 'e buorren in hûs to hier,
en Jabuk dy koe krimmenearje of stinne,
Jant sei: "gjin geäamel, daliks en op slach der hinne".
Sa wie dit probleem ek fan'e baen.
En kin se har by't selskip jaen.
Jan Braaksma's Aeltsje wie ek fuort biret
dizze libbenskâns sa sei hja dy forsit ik net.
'k Wol ek graech like linich stappe as myn Jan
dan foarmje wy togeare wer in feardich span.
Mar nou gean wy der efkes rap bylâns
oars krij se allegear gjin kâns.
Fansels ek Gjerryts Jei
dy moast der by.
En tante Fockje
har namme kaem ek yn't boekje.
Net to forjitten Bote Lolk
mei de vrou fan v/d Kolk.
Jabuks Anne fan it Heech en Rienke fan Gosse
kriegen it ek beide yn'e plasse.
Dû fierder op in drafke
kamen se by Liuwe's Afke.
Aeb syn Maei
seach earst hwat taei.
Dan is Tine Visser
ær folle wisser.
Janne Beitske en Jelle Anne wicne earst hwat dreech
hwant dy rekstôk like har sa heech.
En Klaze Sjouk siet ek fol soarch en noed
komt dit allegear wol goed.
Gjin geskyt sei Janne Fo
As it to mäl giet rop ik wol fan "ho".

Sa dat is it folkje dan sahwat, en nou mar abbesearre
in minske út Dokkum sil har de grounbegjinsels leare.
Op in freedtomiddei fuort nei trijen gyng it los
rountsjerinne troch de seal yn guozzepas.
De kommisje fan Nij Sion hie al pine yn'e mage
soe de flier dit oergeweld fordrage?
Doe moasten se bûge alhiel foaroer
nou dat wie in poepetûr.
Troch dat se har fûleindich setten
waerd der ek omraken sketten.
Ek moasten se lizze plat op't liif
en hjirmei bigoun it ûngériif.
Forskate dames wiene hjirfoar net "gekleed"
jim kin bigripe dat like neet.
Hwant doe't se efkes letter lizze moasten op'e rêch
wie't mar goed dat eltsenien 't net seach.
Bote Lolkje kaem net wer oerein, hja tochten dy is yn'e sliep
mar né, hja lei yn ûnmacht lyk in skiep.
Oan'e ein fan it seizoen, under lieding fan't musyk
komt der in optreden foar't publyk.
't Wurd iepene mei in show fan Jabuks Anne en Tine
togearre op'e trampoline.
Hjirnei Janne Beitske en Aebe Maei
dy dogge oan'e rekstôk de reuzeswaei.
Yn'e ringen sil Janne Fo har dan biwize
alhoewol, hja docht nou oars noch net as gnize.
Goasse Riemke en Jel'Anne sil de priis wol winne
se sil togearre op'e hannen om'e buorren rinne.
Stijlsprongen komme fan Foekje en Jabuks Jant
faeks dat dat ek de kroan noch wol spant.
By de evenwichtsbalke komme wy nou dan toloane
Derop sil Afke en Klaze Sjouk har keunsten fortsoane.
Dan komt it klapstik fan'e dei
earst steane der Wimmie, Swaen en Gjerryts Jei.
Op dy har skouders steane dan wer twa fan't linich folkje
dat binne Jantsje en Bote Lolkje.
En der wer boppeop yn gloarje en segeprael
komt dan to stean Jan Braaksma's Ael.
Dit bêste minsken moast my fan it hert, dit moast ik skriuwe
mar heechstwaerskynlik sil it wol in dreambyld bliuwe.

HJERST.

At de stoarmwyn oer de fjilden jaget, dan is dat it betoan
dat it wer hjerst is yn it Fryske lân.

Wêr 't simmers de protters tsjotterje yn 'e strûken
dêr sjocht m'n no foarbygongers de kraach oploeken.

Wêr 't simmers de hintsjes skarrelje tusken de beammen
dêr sjitte no paddestuollen omheech as skiere skimmen.

Wêr 't simmers de Ijipkes roppe tsjin in loft sa moai en sa blau
dêr fleant no in iensume riiger as de wolkums sa griis en sa grau.

Wêr 't simmers de stêdsjers fytse as ienling of yn ploegen
dêr sjocht m'n no allinne mar wat skoall' bern yn 'e wyn opswoegen.

Wêr 't simmers de kij en 'e skiep sa fredich yn 't lân om rinne
dêr jeie no de buien as swiep-slaggen oerhinne.

Wêr 't simmers de buorlje sa hoflik te keuveljen steanne
dêr lit no in lokkich man syn hûn útfleane..


De man wit, de natuer giet no efkes yn 'e rêt
derom is 't wikeljen fan 'e jiergetiiden him ek net ta lêst.

Hy wit, onder elts ferkleure blêd sit al wer in nije sprút,
der komme ommers yn 'e maitiid wer de griene blêden út.

Och hy hat oan 'e natuer sa'n geniet en sa'n niget.

O wunder, dat m'n dit samar, om neat, fan jins Skepper kriget.

Man fan 'e romte.



Ta oantinken aan Pieter Minnema

Tiisdei 16 oktober kaem de tiding dat Pieter Minnema forstoarn wie. Wy wisten fan syn sykte en dat hy net wer better wurde soe, mar as dan it birjocht komt, grypt dat ús as doarpsgenoaten dochs wer oan. Hy mocht 57 jier wurde en hat al dy jierren yn ús formidden wenne. Syn libben hat net altyd like maklik west. Tige swier is it him ek fallen dat hy de lêste jierren troch syn sykte net mear meispylje koe yn it korps, hwant de musyk hie syn grutte leafde. En nou ha wy dan foargoed ðfskied nimme matten fan dizze doarpsgenoat. Us meilibjen giet yn it foarste plak út nei syn broer Haeije. Lit him fiele dat wy as doarpsgenoaten yn dit fortriet om him hinne steane.

- 0 - 0 - 0 -